

Iedere dag BBBeter

**Van Vertrouwenscrisis
naar Noaberstaat**



**TWEEDE
KAMER
VERKIEZINGEN
22.11.23**

Samenvatting

Verkiezingsprogramma

2023-2027



Iedere dag BBBeter



Spearpunten Ferkiezingsprogramma BBB

WENNINGBOU

- 🏡 Elke boarger in thús

YMMIGRAASJE & ASYL

- 🏡 Asyl en migraasje, earlik en draagber

EARMOEDEBESTRIDING

- 🏡 Wurkje en leare foar elkenien
- 🏡 As wurkjen net slagget, soargje wy foar jo
- 🏡 Goed fatsoen, goed pinsjoen

EKONOMY

- 🏡 Grutsk op ús bedriuwen
- 🏡 Kontant jild, oeral te brûken
- 🏡 Belesting is prima, mar wol earlik
- 🏡 Ek digitaal de minske sintraal

KLIMAAT

- 🏡 Wa 't read stiet, kin net grien dwaan

SÛNENSSOARCH

- 🏡 Gjin noed om jo soarch!

LÂNBOU EN FISKERIJ

- 🏡 Genôch iten út eigen lân

DEFINSJE

- 🏡 Midden yn 'e wrâld trochpakke

FEILIGENS

- 🏡 Feiligens foar elke wyk of doarp
- 🏡 Kriminaliteit mei net leanje

BETROUBERE OERHEID

- 🏡 De oerheid is der foar de minsken en net oarsom

Iedere dag BBBeter



Wenningbou

Elke boarger in thús

Wurk, ynkommen, wenjen, ûnderwiis, sûnens, wolwêzen, sosjale koheezje en leefromte dogge der allegearre likefolle en tagelyk ta. Bouwe en wenje is in sosjale opjefte.

BBB hat each foar de minsk achter de wenningsykjende. Dêrom moatte we oars omgean mei de besteande wenningfoarried en wolle we folle mear betelbere wenningen bybouwe. Minder kontrôle en mear fleksibiliteit. Derby bliuwt BBB wol realistysk. We kinne as oerheid net allinne diktearje, mar moatte ek fasalitearje en gearwurkje. Foar wenningbou hast net allinne wenningkorporaasjes en gemeenten nedich, mar ek kommersjele partijen en ynvestearders.

De Europese rigels, jouwe de mooglikheid om redenen fan grut iepenbier belang oan te wizen, wêrtroch yn ôfwiking fan de miljeuregeljouwing, sa as stikstof, dochs fluch in fergunning jûn wurde kin. BBB wol dêr gebrûk fan meitsje foar it grutte belang fan it weiwurkjen fan de tekoarten op it gebiet fan de huzebou. De stikstofwet moat kompleet oer de kop, sadat net stikstof, mar it behâld en werstel fan de natoer sintral komt te stean (sjoch haadstik Lânbou).

BBB wol it bouwen fan nije wenningen wer oantreklik en better betelber meitsje. Dat kin, as we de rigels foar nije wenten, lykas it boubeslút en de duorsumheidseasken de kommende jierren befrieze. Sa witte oannimmers, ûntwikkelders en keapers hoe't de saak der hinne leit. Wy sette ekstra yn op it duorsum oanpassen fan besteande wenningen troch (finansjele) stimulearring, mar dit sûnder drang of twang.

Wy bliuwe fan doel om safolle mooglik wenten te bouwen op lege en beskikbere plakken yn besteande doarpen en stêden. Om de wenningneed fierder op te lossen sil der foaral effisjenter boud wurde moatte. BBB wol û.o. ynsette op mear ynnovaasje en wenningen út in fabryk.

De ôfrûne jierren hat de klam foaral lein op it bouwen yn 'e stêd. Hoewol wichtich, is soks net earlik foar de minsken op it plattelân. In protte jongelju wolle ommers yn it eigen doarp wenjen bliuwe. De lytsere bouprojekten foar de doarpen sette mei-inoar flink seadden oan 'e dyk. Wy wolle it belied dus wer wurkje litte foar bou yn doarpen én stêden.

Us wenningmerke kin de druk net mear oan. Dêrom moatte we foaral sjen nei wat der frege wurdt. Statushâlders dy 't in wenning krije, wurknimmers út it bûtenlân dy 't yn de reguliere wenningfoarried in plakje fine en ek de fraach fan ekspats en bûtenlânske studinten soargje foar druk op de wenningmerke. Dit botst mei oare Nederlanners dy 't al jierren op 'e wachtlist steane. BBB kiest derfoar om dizze lêste groep ekstra oandacht te jaan en de wenningmerke earst wer yn balâns te bringen.

Iedere dag BBBeter



Ymmygraasje & Asyl

Asyl en migraasje, earlik en draagber

BBB hat minskerjochten heech yn it findel. Minsken dy 't echt op 'e flecht binne foar oarloegen, of fan wa 't it libben en/of dat fan harren gesin ernstich bedrige wurdt en dat oantoane kinne, moatte holpen wurde. De asylkrisis belêstet no lykwols ús maatskippij nochal wat en we moatte hjir fia in kwotum peal en perk oan stelle. Statushâlders dy 't yn Nederlân in thús fûn ha helpe we mei in flotte yntegraasje yn ús mienskip. BBB makket dêr wurk fan.

Al desennia lang wurdt besocht de enoarme yntreamen ûnder kontrôle te krijen. Hieltyd wer mislearre dit. Oan de rinnende bân wurde der migraasjerekords brutsen en yn Ter Apel sliepten minsken bûtendoar. Yn meardere doarpen yn ús lân wurde minsken terrorisearre troch feiligelanners dy 't oerlêst jouwe. BBB hat dit oars foar de geast. BBB wol de asylstream drastysk beheine, wenningen wer earlik ferdiele en de asyl-prosedueres oan de bûtengrins fan de EU trochrinne litte. Wy sille ús hjir hurd foar meitsje by de EU.

Ien Europeeske oanmeldbaalje foar asylfersyk sil minskehannel foarkomme. De EU kin ek oanmeldsintra yn de eigen regio ynrjochtsje sadat asylsikers dêr telâne kinne en de prosedueres dêr ek ôfhannele wurde kin, sa as bygelyks yn Tanzania, Malawi, Namibië of Senegal. No doarmje asylsikers troch de Sahara en bliuwt in fertsjinmodel fan de minskehannelers yntakt.

Asyl is allinne mooglik foar minsken dy 't hjir op basis fan de regels fan de Konfinsje fan Genève (ferfolging politike en religieuze redenen) foar yn oanmerking komme. Net fanwege earmoede, ferdriuwing ensfh., want derfoar is opfang yn eigen regio bedoeld.

De demografyske druk fanút Afrika nimt hieltyd mear ta. Der libje no sa 'n 1,2 miljard minsken en dit wurde der nei ferwachting 2,4 miljard yn 2050 en mear as 4 miljard yn 2100. Dat freget om in Afrika-belied! De needsaaklike skeakel hjiryn is genôch iten. Dat is allinne te berikken mei in yntensivere lânbou en feefokkerij. Nigearia hat no rom 200 miljoen ynwenners. Dat wurde der 600 miljoen yn 2100. Mei in ekstinsive geitehâlderij kom je der net. Dit freget om in technologysk yntensivere oanpak. Wy ha de kunde yn hûs om Afrikaanske lannen te helpen.

Us wenningmerke, de soarch en oare foarsjennings kinne de druk net mear oan. Dêrom moatte wy foaral sjen nei wat der frege wurdt. Statushâlders dy 't in wenning krije, wurknimmers út it bûtenlân dy 't yn de reguliere wenningfoarried in plakje fine en ek de fraach fan ekspats en bûtenlânske studinten soargje foar druk op de wenningmerke. Dit botst mei de oare Nederlanners, dy 't al jierren op 'e wachtlist steane. BBB kiest derfoar om dizze lêste groep ekstra oandacht te jaan en de wenningmerke earst wer yn balâns te bringen. Dat ymplisearret dat we de migraasjedruk beperke wolle, wêrby wy ús realisearje dat dit net ienfâldich wêze sil.

Iedere dag BBBeter



Earmoedebestriding

Wurkje moat leanje, foar eltsenien As wurkjen net slagget, soargje wy foar jo Goed fatsoen, goed pinsjoen

De enoarme weardefermindering fan ús jild en de oprûne kosten foar ús libbensûnderhâld en de sterk oprûne enerzjyprizen soargje derfoar dat in miljoen minsken yn ús lân ûnder de earmoedegrins telâne kommen binne. BBB stiet foar keapkrêftbeskerming en earmoedebestriding: wy litte niet ien achter. Belestingen wurde op dit momint troch de oerheid net allinne brûkt om taken út te fieren, mar ek om it gedrach fan boargers en de maatskippij te stjûren. Dat slacht sels safier troch dat ûnderwerpen as fleistaks en sûkertaks hieltyd wer opdûke.

Wurk is ien fan 'e fûnaminten fan ús mienskip. Troch te wurkjen krije jo finansjele romte, sosjale kontakten en foldwaning. Jo leverje in bijdrage oan de maatskippij en troch de ervarings dy 't jo opdogge, ha je de mooglikheden om je as persoan breder te ûntwikkeljen. Elkenien kriget deselde kânsen en mooglikheden, mar wy realisearje ús ek dat net elkenien wurkje kin of yn deselde mate wurkje mei. Wy sjogge mei likefolle wurdearring nei wurknimmers dy 't praktysk wurk dogge as nei wurknimmers dy 't teoretysk oan 'e slach binne.

De lêste jierren binne ús ferwachtings oangeande wurk en it ynfolgen dêrfan sterk feroare. Sa wikselje wy faker fan wurkjouwer en stappe we derby ek faker oer nei in nij wurkgebiet. Sûnt covid is it foar guon beroppen hiel gewoan wurden om in part fan it wurk on-line te dwaan. De wrâld wêryn wy wurkje is feroare, wêrtroch nije beroppen ûntsteane en âlde beroppen ferdwine. Troch de tanimmende fergrizing fan de maatskippij nimt de wurkkrapte ta. It is yn bepaalde sektoaren hiel dreech om oan foldwaande kwalifisearre persoanien te kommen, wat ek feroarsake wurdt troch in tekoart oan praktysk opliede persoanien.

Net allinne betelle wurk is wichtich. Wy fine elke foarm fan wurk dy 't in bijdrage leveret oan ús mienskip wichtich. Dêrom wolle wy dat de wurdearring foar de minsken dy 't in aktive bijdrage leverje oan ús mienskip bygelyks mantelsoarger, frijwilliger of opfierder fan bern, gelyk is oan de wurdearring foar minsken mei in betelle baan. Soms sit it even net mei. As, troch omstannichheden, dyn wurkrelaasje feroaret, dan wurdsto holpen. Slagget dyn hjoeddeistich wurk net mear? Dan sjogge we nei watsto noch wol kinst. En as it wurkjen hielendal net mear slagget, dan soargje wy goed foar dy.

Wy draaie it ynfieren fan de nije Pinsjoenwet werom. It aparte pinsjoensysteem foar "Politieke Ambtsdragers" (Appa) giet fan de baan. Politike ambtsdragers wurde ûnderdiel fan itselde pinsjoensysteem as de rest fan Nederlân. Minsken mei in pinsjoen krije ynfloed op de strategiën dy 't pinsjoenfonsden oanhâlde en op it gebiet fan belizzingsdoelen. Wa 't net it risiko rinne wol op in leger pinsjoen moat kieze kinne foar belizzingsdoelen dy 't mear de klam lizze op rendemint as op bygelyks duorsumens.

Iedere dag
BBBeter



Ekonomy

Grutsk op ús bedriuwen Kontant jild, oeral te brûken Belesting is prima, mar wol earlik Ek digitaal, de minske sintraal

In sterke ekonomy is in ekonomy dy 't útgiet fan eigen krêft. Wy binne grutsk op wat wy as lân yn hûs hawwe. Wy sette yn op dingen wêr 't we goed yn binne en stypje de sektoaren wêrmei we foarop rinne yn 'e wrâld. In sterke heechwaardige ekonomy is ek nedich om sosjaal, kultureel en technologysk by de tiid te bliuwen en om dizze saken betelber te hâlden. In sterke ekonomy soarget foar wurkgelegenheid en ynkomsten foar de oerheid.

Dit jildt ek allegearre foar ús itensektor en foar de produksje-yndustry fan ús lân. It plak wêr hûnderttûzenen minsken hurd oan it wurk binne om it deistich brea te fertsjingen, effisjinsje en ynnovaasje oan te jeijen, te ymportearjen en te eksportearjen en yn it deistich ferlet te foarsjen. Eat wêr 't Nederlân te lang in min en ynkonstant belied op fierd hat. Wy hâlde op mei regels op regels, en biede mear romte oan ûndernimmerskip, ynnovaasje en fergriening.

Undernimme dogge je by bedriuwen, fan multinationals, grutte ûndernimmings, famyljebedriuwen, MKB 'ers oant zpp 'ers. It MKB en de famyljebedriuwen spylje in wichtige rol yn it kreëarjen en behâld fan ús wolfeart. Dizze ûndernimmings binne ferantwurdlik foar ûngefear 70% fan de banen yn Nederlân. BBB fynt dat de oerheid in belied fiere moat dat dizze ûndernimmers yn Nederlân bliuwe.

In protte minsken en bedriuwen meitsje gebrûk fan pin- en oare digitale betellingsmooglikheden. Mar der binne altyd minsken en bedriuwen dy 't kieze foar kontant jild. Banken binne in wichtige partner yn it bestriden fan finansjele kriminaliteit, lykas ûndermining. Banken moatte harren wetlike ferplichtingen, dy 't bydrage oan it ferminderjen fan kriminaliteit en it ferheechjen fan de feiligens neikomme.

De enoarme weardefermindering fan ús jild, ynklusyf de oprûne kosten fan it deistich libben en de sterk oprûne enerzjyprizen, ha der foar soarge dat mear as in miljoen minsken ûnder de earmoedegrins telâne kommen binne. BBB stiet foar keapkrêftbeskerming en earmoedebestriding; we litte net ien achter. Belestingen wurde op dit stuit troch de oerheid net allinne brûkt om taken út te fieren, mar ek om dwaan en litten fan boargers en de mienskip te stjûren. Dat slacht sels safier troch dat ûnderwerpen as fleistaks en sûkertaks hieltyd wer opdûke.

In spesifyk "Ministerie van Digitalisering" moat ynsette op it ûntwikkeljen fan in nije digitale strategy en it koördinearjen fan digitale ynnovaasje yn ferskillende sektoaren. Ek moat it ministeary boarch stean foar de jûste regels, regeljouwing en beliedsmaatregels om boargers, bedriuwen en ynfastruktuer te beskermjen. It is fan krusiaal belang dat de oerheid in pro-aktive rol spilet yn it stjûren en foarmjaan fan digitale transformasje, mei as wichtichste doel de minsk sintraal te hâlden en de brêge tusken boargen en oerheid folle sterker te meitsjen.

Iedere dag BBBeter



Klimaat

Wa 't read stiet, kin net grien dwaan

Mei hieltyd mear minsken op 'e wrâld en groeiende ekonomyske aktiviteiten is it klimaat hieltyd mear ûnder druk kommen te stean. Hoewol it klimaat al sûnt it ûntstean fan de ierde oan autonome feroarings bleatsteld is, is de minske seker ek fan ynfloed. Hoe grut dy ynfloed is, dêr ferskille mieningen en ûndersiken oer. Fanút rintmasterskip stribbet BBB nei in mienskip wêrby we, foar safier as we der ynfloed op ha kinne, en wêr, ús "impact" op it klimaat beperke.

De grutste ynfloed op it klimaat lykje wy te hawwen troch ús gebrûk fan enerzjybronnen. In útdaging, want ús libben hat him ûntwikkele yn in situaasje wêryn we sterk ôfhinklik wurden binne fan eksterne enerzjybronnen.

It klimaat is it gehiel fan saken as temperatuer, wyn en delslach dy 't in bepaalde perioade in gebiet karakterisearje. Dit is dus grutter as allinne de CO₂-konsintraasje (0.03%) yn ús atmosfear. Foarearst is de fokus op CO₂-reduksje. Derby is it fan essensjeel belang dat doelstellingen sawol draachflak as ek partisipaasje fan de befolking hawwe. Allinne mei-inoar kinne we in feroaring op wei helpe en ta in sukses meitsje. Draachflak en akseptasje kinne realisearre wurde as beslútfoarming transparant is en foar en tsjin earlik ferdield wurde.

Derby jilde alle belangen en sjogge we nei it grutte geheel. Op 'e wrâld draagt Nederlân net mear as 0,4% by oan de hiele CO₂-útstjit en ús CO₂-foetprint per ynwenner is al folle leger as dy yn in protte oare (westerske) lannen. De enerzjytransysje spilet yn it heljen fan CO₂-doelen in wichtige rol.

De enerzjytransysje freget om in Deltaplan. Nije aktiviteiten sille opboud wurde moatte, wylst we oare saken om- of ôfbouwe moatte. Dit feroaringsproses freget grutte ynvestearingen troch bedriuwen. Faak sil it oprinnen fan prizen, dy 't dêr in gefolch fan binne, trochberekkene wurde oan de boarger. De boarger sil dizze lêstenferswiering wol drage moatte kinne. Dêrom sette wy yn op in earlike ferdieling fan de kosten dy 't de klimaatregels mei har meibringe.

Foar in bydrage oan it klimaat en in ophâlden mei it brûken fan fossile brânstoffen, is it dus fan belang dat we de transysje nei duorsumer enerzjy meitsje. Tidens dizze transysje sille we gjin fossile enerzjybronnen útfasearje salang betelbere duorsumer alternativen noch net beskikber binne.

De oerheid hat de ferantwurdelijkheid om te soargjen foar in goede ynfrastuktuer, lykas in elektrisiteitsnet, wêrfan sawol oanbieders as ôfnimmers fan enerzjy gebrûk meitsje kinne. Soks betsjut dat we sawol sterk ynvestearje moatte yn it elektrisiteitsnet as dat we seker ek tûker mei it netwurk omgean moatte, om pykmomenten mei oerbelêsting fan it net te beperken.

BBB stribbet nei in mienskip dy 't gebrûk meitsjen bliuwe kin fan betelbere duorsume enerzjy, want wa 't read stiet, kin net grien dwaan.

**Iedere dag
BBBeter**



Sûnenssoarch

Gjin noed om jo soarch

It is twa foar tolven yn 'e soarch. It soarchstelsel is sa njonkenlytsen sa goed as fêstrûn. De merkewurking yn 'e soarch hat oplevere dat de behandelingen op himsels goedkeaper wurden binne, mar dat we de lêste jierren ek mear gebrûk begûn bin te meitsjen fan de soarch. Der is de lêste tiid in konsintraasje by soarchfersekerders ûntstien. De kommersjalisearing fan soarchynstellingen mei dêrby kostenferheechjende oanbestedingsbetinksten, protokolearing en oare administrative omballingen, soarget dat we tsjin grinzen oanrûn binne.

Der wurkje njonkenlytsen in hiele protte minsken OAN de soarch en net mear YN de soarch. Dêrnjonken kin der technysk hieltyd mear en binne der in protte djoere medisinen op 'e merke kommen, dy 't lang net altyd minsken better meitsje. Troch persoanielskrapte ûntsteane der hieltyd mear gatten yn de soarchferliening.

BBB stiet foar in soarchsysteem wêrby elkenien, nettsjinsteande ynkommen of omstannichheden, tagong hat ta soarch en de help krijt dy 't nedich is. Us doel is in soarchsysteem wêryn we omsjogge nei inoar, mei respekt en waardichheid foar elk yndividu.

Yn ús fyzje stiet de minske (en net de fersekeringsman) yn al syn bysûnderheid sintraal; de pasjint én de soachprofessional. Gjin minske is ommers itselde. Wy leauwe yn de autonomy fan de soachprofessional en ha betrouwen yn harren fermogen om de jûste ofwegingen en keuzes te meitsjen foar de bêst mooglike soarch. Wy stribje nei in op de minske rjochte benadering, wêrby we de administrative drokte ta in minimum beperke wolle om de fokus op it ferlet fan de pasjinten te lizzen. Protokollen binne dêr tsjinstber oan, mar meie it gesprek dat oer goede soarch giet net smoare.

BBB wol dan ek dat der rigoereus skrast wurdt yn alderlei burokratyske systemen dy 't der foar soarge ha dat in ferpleechkundige ûngefear 40% fan har tiid kwyt is oan papier en wat ien fan de haadredenen is wêrom wurknimmers de soarch ferlitte. Wy wolle dat YN de soarch wurkje wichtiger wurdt as wurkje OAN de soarch.

In part fan dizze maatregels sparret jild út, mar in part kostet op 'e koarte termyn mear. Dochs sille we de kommende fjouwer jier ynfestearje moatte yn soarch en prefinsje om yn 'e takomst júst kosten te besparjen. Dat is tûk tinken.

BBB wol wurkje oan it ferbetterjen fan 'e sûnenssoarch en dat sille we dwaan fanút fjouwer pylders:

1. De basissoarch moat tichty beskikber wêze foar elkenien.
2. De regy op 'e soarch komt by de soachprofessionals te lizzen en net by de beliedsmakkers of soarchfersekerders.
3. De soarch moat oantreklik wurde om yn te wurkjen.
4. Sûn libje en sport foar elkenien.

Pandemieën lykas de koroanakrisis ha grutte gefolgen foar ús mienskip. BBB fynt it wichtich dat we leare fan de oanpak fan de koroanakrisis, sadat we yn 'e takomst deselde fouten net wer meitsje.

Iedere dag BBBeter



Lânbou & Fiskery

Genôch iten út eigen lân

Genôch te iten is foar in protte lannen op 'e wrâld elke dei opnij in probleem. Wy yn Nederlân ha de lúkse kombinaasje fan in myld seeklimaat en in fruchtbere delta. Wy binne dêrmei ien fan de meast gaadlike regio 's foar de produksje fan iten yn 'e wrâld. Wy ha dêrmei in ferantwurdlikheid oant oer ús grinzen hinne. Hjirtroch stiet Nederlân ynternasjonaal heech oanskreaun en is ús lânbou- en fiskerysektor fan grutte strategyske wearde. BBB fynt in sterke agraryske- en fiskerysektor wichtich. Foar de produksje fan iten, foar wurk, mar ek foar de leefberens fan it plattelân en de kustmienskippen.

BBB fynt it wichtich dat deryn Nederlân altyd rom genôch iten is en dat dit ek yn de takomst beskikber en betelber bliuwt. Wy eksportearje in protte kennis, ynnovaasje en produkten wêrmei we tafoege wearde leverje kinne. Tagelyk ymportearje wy agraryske produkten en fiedingsmiddels dy 't hjir minder in natuerlike oarsprong ha. As hannelsnaasje fersekerje wy ús troch ymport en eksport fan genôch iten foar elkenien. Foar ússels, mar ek foar de lannen om ús hinne, mei in protte oandacht foar it wolwêzen fan bisten en miljeu.

Dit is de reden dat wy wolle dat genôch te iten en leefberens in plak fine yn de feroarings fan romtegebrûk. Der wurkje no 600.000 minsken yn de Nederlânske agraryske sektor, wat betsjut dat der tolve gesinnen per boer/kweker/túnker, direkt of yndirekt ekonomyske ôfhinklik binne fan dizze sektor. Wy sjogge dat in leefber plattelân draait om ús boeren, kwekers, túnkens en fiskers. Omdat sy soargje foar boerenatuer, wurk, aktyf binne yn ferienings of harren lân beskikber stelle foar doarpsfeesten. Sûnder dizze minsken ha we gjin karakteristyk lânskip, blommekorso, fiskerydagen of trekkertrek mear.

Dit betsjut ek dat it Nederlânske lânskip mei minskehannen ûnderhouden wurde moat. BBB sjocht it belang fan it, wêr 't dat kin, fersterkjen fan biodiversiteit. Dit dogge we net troch nije natuergebieten oan te lizzen, mar troch flora en fauna te behearen yn de jûste oantallen, wat soms ek ynhâldt dat der foar guon soarten gjin plak is. We fersterkje de biodiversiteit ek troch edukaasje, fergriening fan de omkriten en behear troch de jacht. Biodiversiteit is net allinne in saak fan natoerbehearders en lânbouwers, it is in saak fan elkenien dy 't in ferantwurdlikheid hat foar in part fan de bûtenromte, dus ek yn 'e wyk, de stêd en it doarp.

BBB wol ek de namme "visserij" werom yn it ministearje fan LNV. Dit wurdt dus it ministearje fan "Landbou, Natuerbeleid, Visserij en Voedselkwaliteit", mei ien minister oan it roer. Der komt, wat de BBB oanbelanget, gjin aparte minister foar "Stikstof en Natuur". Dit falt ûnder de minister van LNVV. BBB wol dat we fan Stikstofbelied, oerstappe nei Natoerbelied. De stikstofwet moat fan tafel en we rjochtsje ús mei in brede blik op natoerbelied, behâld fan natoer en werstel fan natoer wêr nedich. De lockdown fanwege de te strange stikstofregels dy 't Nederlân himsels oplein hat, fan agraryske ûndernimmers, ynfrastruktuerele projekten (û.o. de oanlis fan diken) en bou, moat sa fluch as kin einigje. It ministearje fan LNVV rjochtet har op it behâld fan alle elementen fan it lânskip en soarget derfoar dat der ek oer 50 jier noch altyd jirpels, griende, fleis of fisk op dyn board lizze.

**Iedere dag
BBBeter**



Definsje

Midden yn 'e wrâld, trochpakke

Wy ha mei-inoar in oantal desennia genietsje kind fan frede en feiligens. Wy ha, om samar te sizzen, it fredesdividend fan 'e ein fan de "Koude Oorlog" fersulvere. De measten fan ús binne grut wurden yn in lân fan hast gjin grutte soargen, wêryn oarloch wat wie foar fideospultsjes en bioskoopfilms. No lit de realiteit sjen dat feiligens en demokrasy net fanselsprekkend binne. It wurdt net fergees of automatysk jûn.

De ynfaazje fan Oekraïne hat dúdlik makke hoe wichtich in bekwaam leger is foar ús feiligens. Wy sille yn 'e takomst ree wêze moatte Nederlânske en/of Westerske kearnwaarden en/of grûngebiet feilich te stellen of te ferdigenjen. Dit dogge we tegearre mei oaren, allerearst yn de NAVO en EU, mar we ha der ek gjin muoite mei om op eigen ynisytyf de belangen fan Nederlân te ferdigenjen. Dit lêste freget, neist gearwurking mei de NAVO-partners, om in konstruktive ynvestearing yn de autonomy en krêft en ynset fan ús leger.

BBB fynt dat we yn Nederlân in robuuste definsje-organisaasje ha moatte, dy 't selsstannich mar ek yn NAVO ferbân wat betsjutte kin. Derby heart foldwaande finansiering dy 't konstruktif en foarspelber is foar de lange termyn. In definsje-organisaasje is ommers in organisaasje fan de lange azem. Definsje moat yn steat wêze hjoed de dei foldwaande talint oan har te binen. Fanút dit perspektyf fine wy it wichtich dat it leger yn it lân mear te sjen is.

De ôfrûne 25 jier is der oer de hiele liny nochal wat op it leger koarte. De krimp fan de definsje-organisaasje hat laat ta sintralisaasje en wie se yn it lân amper te sjen. No't we wer ynvestearje is der de kâns om regionaal wer foar it ljocht te kommen. In sterke regionale oanwêzigheid jout it leger ek de mooglikheid regionaal betekenis te hawwen wat rampebestriding en binnenlânske feiligens oanbelanget. BBB leaut yn in krêftich professioneel leger dat oeral yn 'e wrâld ynsetber is. Dêrnjonken is der romte foar in wiidweidige Nasjonale Reserve: foar it ferdigenjen fan Nederlân, foar rampebestriding en as brêge tusken mienskip en leger.

Cyber is it nije slachfjild as it oankomt op it ferdigenjen fan ús lân. Hieltyd mear foarmen fan oarloch barre ûnsichtber of "in de cloud". Hieltyd faker sille bûtenlânske hackers besykje sikehûzen, de oerheid, finansjele ynstellings, skoallen of militêre ynstallaasjes plat te lizzen. Wy moatte ynfestearje wolle yn technology en "artificial intelligence" om de ûnsichtbere krêft te fersterkjen en ûnsichtbere driging oan te kinnen.

BBB is grutsk op ús definsje- en feiligensyndustry en helpt se safolle as it kin om sa de belangen fan ús nasjonale feiligens optimaal te beskermjen en sa Nederlânske bedriuwen kânsen te jaan.

Feteranen fertsjinje ús kollektive wurdearring, respekt en needsaaklike soarch. Mei it ynfieren fan de Feteranenwet en it Feteranenbeslút binne de earste stappen setten om wurdearring, respekt en soarch te borgen.

**Iedere dag
BBBeter**



Feiligens

Feiligens foar elke wyk of doarp Kriminaliteit mei net leanje

In leefber Nederlân freget om feiligens. Rjocht en oarder moatte boargers de garânsje jaan fan in earlike behanneling en in goed funksjonearende rjochtspraak en in oerheid dy 't boargers beskermet tsjin fandalisme, kriminaliteit en ûndermining. Minsken ferwachtsje in effektive en maatskiplik belutsen plysje-organisaasje en in sekuer lepenbier Ministearje, dat wurk makket fan opspoaring en ferfolging fan persoanen en bedriuwen dy 't net om lyk wolle.

Undertusken binne der yn Nederlân safolle wetten en regels dat it lân omtrint fêstrint. De beropsbefolking is net grut genôch om dizze allegearre nei te libjen en te handhavenjen. En ûndertusken wurkje der hieltyd mear minsken oan de kontrôle fan it primêre proses wylst der ûnfoldwaande minsken yn wurkje. It útgongspunt dat elke boarger de wet kenne moat is sa njonkenlytsen ridikûl wurden. Rjochters kinne it grutte oantal saken net mear oan. Der moat rigoereus skrast wurde yn de wetten en regels, wêrby de oanbelangjende minister úteinlik trochpakt as in beropsgroep der sels net út komt. De ôfrûne jierren ha sjen litten dat dit needsaaklik is.

De feilichheidstsjinsten en de plysje ha it unike mandaat yn ús lân op te spoaren en te handhavenjen. BBB fynt dat der mear ynvestearre wurde kin om dizze plysje en feilichheidstsjinsten tichter by de minsken te bringen. Dat freget mear regionale ynset. De maatskippij is de lêste jierren ferhurde en wêr 't de tsjinsten yn unifoarm de boarger beskermje, mei de rjochtsoarder de unifoarme tsjinsten better beskermje. Dizze beskerming moat in wetlik kader ha, mar ek op it persoanlike flak fertsjinje unifoarmtsjinsten mear oandacht en stipe.

De brânwacht is wichtich foar ús feiligens en is allinne foar ús allegearre te beteljen as we de ynset fan frijwilligers mooglik meitsje. Troch de enerzjytransysje ha we yn Nederlân te krijen mei mear elektra, akku 's en de opkomst fan wetterstof. De rol fan de brânwacht wurdt dus wichtiger, sawol by it tarieden fan bouplannen as by it bestriden fan kalamiteiten. Foaral yn de doarpen en regio 's ferfulle brânwachtkorpsen njonken in feiligensfunksje, ek in sosjale funksje foar harren mienskip. Dizze maatskiplike belutsenheid wolle wy fersterkje.

Us mienskip hat hieltyd mear lêst fan drugskriminaliteit. It ûnfoldwaande bestriden fan it brûken fan harddrugs yn 'e grutte stêd liedt ta kriminele drugsnetwurken op it plattelân. Wy steane foar in hurde oanpak fan organisearre (drugs)kriminaliteit om ús mienskip feiliger te meitsjen en kriminele netwurden te bestriden. It risiko op ûndermining, de ûnderwrâld dy 't de boppewrâld oernimt, freget om hurde yngrepen. Nederlân sil gjin narkosteat wurde.

Strafhichte is in wichtich ynstrumint yn it ôfskrikken fan kriminaliteit oan de iene kant en oan de oare kant in ynstrumint om de mienskip te beskermjen tsjin yndividuën dy 't it mei de wet en it rjocht net sa nau nimme. Wat BBB oanbelanget, skerpje we hjir en dêr de strafhichte oan mei de yntinsje mear rjocht te dwaan oan maatskiplike wearden.

Iedere dag BBBeter



Betroubere oerheid

De oerheid is der foar de minsken en net oarsom

De effektiviteit fan in lânsbestjûr is sterk ôfhinklik fan it betrouwen dat boargers yn dat bestjûr ha. We ha hjir in behoarlike útdaging mei-inoar. BBB jout de foarkar oan in effisjinte oerheid dy 't har rjochtet op har keartaken en ynsjocht dat se in mienskip net meitsje kinne. De oerheid is der foar de minsken en net oarsom.

De oerheid is fan ús allegearre en it fertrouwen yn de oerheid wurdt sterk be-ynfloede troch de mate weryn wy ús yn de oerheid werkenne. It hawwen fan deselde identiteit en deselde taal is essensjeel om inoaren te begripen. BBB fynt it wichtich dat elkenien in plak by de oerheid ynnimme kin en dat dêrtroch elkenien him ek werkent yn de oerheid.

In leefbere mienskip makket in oerheid net allinne. Dy wurdt makke troch de minsken dy 't der yn wenje, de oerheid is allinne mar regisseur. Om dy rol goed ynfolje te kinnen moatte misnken yn 'e stêd, regio 's en kearnen belutsen wurde yn de tarieding en útfiering fan belied. Wat BBB oanbelanget minder sintraal en mear regionaal en ticht by de minsken. Ek fanút de regio moat it mooglik wêze wetjouwing te initiëarjen of foar te stellen.

BBB fynt dat de oerheid dy demokrasy fersterkje moat troch in ferbreiding en ferdjipping fan de ynspraak fan boargers op lokaal nivo. Demokrasy is net allinne stimme, mar ek bydrage troch bygelyks it útwikseljen fan ervaring en it jaan fan advys. Demokrasy freget om transparânsje yn beslútfoarming en sadwaande in iepen oerheid.

Goed bestjûr betsjut ek evenwichtich bestjûr en evenwichtige ynset fan middels. De ôfûne jierren is der yn guon regio 's in hiel protte ynvestearre en yn in oare hast neat. BBB wol dit belied feroarje sadat elke regio der wer ta docht. Derby hat de oerheid each foar jierrenlange gearwurking agenda 's tusken Ryk en regio en nimt sy de behinderingen yn grinsregio 's fuort.

Wy libje yn in lân mei in konstitusionele monargy en parlementêre demokrasy. De beskerming fan grûnrjochten stiet oan de basis fan ús mienskip en foarmet it fûnamint fan rjocht en oarder. BBB wol mear oandacht foar it borgen fan dizze grûnrjochten en it funksjonearen fan ús maatskippij. BBB wol mear respekt foar de skieding fan de wetjouwende, útfierende en rjochsprekkende macht. It goed funksjonearjen fan de Earste keamer en de Twadde keamer is essinsjeel foar in goed funksjonearjende oerheid en in betroubere útfiering fan rjocht en oarder. BBB wol de ferbining tusken boargers en parlemint ferbetterje en de kontrolearjende rol fan de Twadde Keamer en de Earste Keamer fersterkje.

BBB stiet foar de mienskip. Nederlân bestiet net inkeld út individuën en de steat, mar ek út mienskippen en in libben middenfjild.

Iedere dag BBBeter



**TWEEDE
KAMER
VERKIEZINGEN
22.11.23**



BOERBURGERBEWEGING.NL